

Nije bondel Eeltsje Hettinga is de muoite

Dichter Eeltsje Hettinga (Burchwert, 1955) skreau yn 2010 foar de Gerben Rypma Stifting syn proazadebút - biografyske skets, neamt er it sels - 'Gerben Rypma, de keunstner fan it dûbele krús'. Deryn skilderet er mei de libbensrin fan Gerben Rypma (1878-1963) as reade trie in prachtich byld fan it Roomske Fryslân oan de ein fan de 19e ieu oant en mei likernôch healwei de 20e ieu.

Foar de lêzer earst koart syn curriculum vitae, as dichter. Yn 1998 waard him foar syn bondel 'Akten fan Winter' de Fedde Schurerpriis taskikt. Yn 2000 kaem 'Dwingehôf' út, folge yn 2002 fan 'Yn'e fal fan jûn' (ûnder de skûlnamme Hu Thung-song, mei Eric Hoekstra). Yn 2006 kaem dan de bondel Apreos út. Njonken de Fedde Schurerpriis, dy't er koartlyn oan deputearre Jannewietske de Vries weromjoech as protest tsjin it op priemen setten fan in nij provinsjaal prizebilied, dat ûnder mear de Fedde Schurerpriis en de Obe Postmapriis opdûke wol, hat er Rely Jorritsmapriizen woun. Sûnt bleau it stil oant de lêste sneon fan oktober 2012.

Doe forskynde syn nijste bondel Ikader. It is in kreas útfierde bondel, mei in tige nijsgjirrich omkaft, dêr't in illustraasje fan de skilder Sjoerd de Vries foar brûkt is. Dizze keunstner hat in Frysk hynsder skildere, dat foar de dichter nochal fan bitsjutting is. It is in kreas útfierde bondel, mei in tige nijsgjirrich omkaft, dêr't in illustraasje fan de skilder Sjoerd de Vries foar brûkt is. Dizze keunstner hat in Frysk hynsder skildere, dat foar de dichter nochal fan bitsjutting is. It is in kreas útfierde bondel, mei in tige nijsgjirrich omkaft, dêr't in illustraasje fan de skilder Sjoerd de Vries foar brûkt is. Dizze keunstner hat in Frysk hynsder skildere, dat foar de dichter nochal fan bitsjutting is.

'Ikader' is forparte yn twa dielen. Part ien bistiet út fjouwer skiften en part twa út trije. Der is ien side mei oantekenings, dy't foar de lêzer - mooglik - in wâle optille oer de oanlieding om in bipaed gedicht to meitsjen. In skilderij, in foarstelling, in gedicht of in bondel fan in collega - Elmar Kuiper, Arjan Hut - in oantins oan in forstoarne, in hylarysk forroïne bisite mei geastessibben oan in stêd (Bremen), of in útstalling yn in museum, it binne saken dy't Eeltsje Hettinga stof bisoargen om syn pinne yn 'e inketpot - figuerlik - to triuwen. Lykwols, forsin jo net, dichtsjen is swier wurk, sa't Jan Kal dat as in soarte fan klap mei de heksebile yn 'e earste rigel fan in forneamd gedicht stal joech: 'Dichten is fietsen op de Mont Ventoux'; in neakene en balstjurrige berch yn it suden fan Frankryk, dy't yn 1951 foar de earste kear yn



■ Eeltsje Hettinga (rjochts) langet in eksimplaar fan 'Ikader' oer oan collega Martin Reints yn it smûke tsjerkje fan Parrega. Foto Abe de Vries.

it routeskema siet fan de Tour. De De flerken foelen útelkoar en dy't nei alle bitinken in delslach foarmje fan in forbluw yn syn heit, Piet Hettinga, silger, dy op de pleats yn Burchwert hie, fokker dêrfan wie. De keunstner en de boer moeten inoar wolris yn it romme fjild om Burchwert hinne en dat resultearre gauris yn in praetsje. De dichter en de keunstner moeten inoar ek wolris, meast yn de trein. Ek dat resultearre yn in praetsje en fan it iene kaem it oare: dy illustraasje. It hynsder, trêftich fan gongen mei in moaie statuer en wielderich bihang, ropt as sadanich oantinkens op oan de tekening dy't lds Wiersma fan in Fries makke foar it belydtafriel yn de Rimen en Teltsjes. En fansels it yn in tsjustere skuorre opljochtsjende glânzgjende each fan it hynsder 'springt' de skôger/lêzer tomjitte. Wurk fan Sjoerd de Vries is ûnder mear to sjen yn museum 'Belvédère' yn Oranjewâld.

'De netten, de sinnen', is it bigjin fan de bondel. De ein wurdt birikt mei de lytse cyclus 'de oanslaggen'. Yn de titel Ikader sit de namme fan ien fan syn 'ûnderwerpen' forhispele, namentlik de performancekeunstner/fotograef, Bas Jan Ader, dy't fordwoun op in solotocht mei in sylboatsje oer de Atlantyske Océaen. It is dan 1975. Hettinga - ek siler - is in leafhawwer fan dy syn wurk, fielt him der mooglik oan bisibbe: Ik Ader? Hwa sil it sizze, mar der sille ek lju wêze dy't it in soarte fan forbastering fine fan Icarus, de namme fan de soan fan de timmerman Daedalus, dy't foar kening Minos fan Kreta it labyrinth dêre boude; en nammers ek de houtene kou foar de keningsdochter Pasiphae. Letter waerden heit en soan fan kening Minos opsluten yn dat doalhôf. Mei selsmakke wjukken ûntkamen de beide manlju. Icarus, lykwols, waard oerdwealsk doe't er fleane koe. Ut opteinens oer de frijheit dy't him al ta lâke, fleach er aloan heger en heger, de sinne tomjitte. De warskôging fan syn heit heard er net hwant de waechs dy't de flerken byinoar hâldde, waard fan de gleone sinne weak, it raen-

De De flerken foelen útelkoar en dy't nei alle bitinken in delslach foarmje fan in forbluw yn syn heit, Piet Hettinga, silger, dy op de pleats yn Burchwert hie, fokker dêrfan wie. De keunstner en de boer moeten inoar wolris yn it romme fjild om Burchwert hinne en dat resultearre gauris yn in praetsje. De dichter en de keunstner moeten inoar ek wolris, meast yn de trein. Ek dat resultearre yn in praetsje en fan it iene kaem it oare: dy illustraasje. It hynsder, trêftich fan gongen mei in moaie statuer en wielderich bihang, ropt as sadanich oantinkens op oan de tekening dy't lds Wiersma fan in Fries makke foar it belydtafriel yn de Rimen en Teltsjes. En fansels it yn in tsjustere skuorre opljochtsjende glânzgjende each fan it hynsder 'springt' de skôger/lêzer tomjitte. Wurk fan Sjoerd de Vries is ûnder mear to sjen yn museum 'Belvédère' yn Oranjewâld.

It wylsterflappen dat in kwestje fan wachtsjen en sjen, waernimmen, is, ûnderwilens 'allinnich yn himsels oer-/nachtsjen, neaken/ en smokend ta in finster/ útsjend, bearend/ goaden en wilsters fleagen him/ bret en wol ta de netten yn. Yn it skaed fan de netten mei in weauljip op it izer - as de lokein by de einekoai - om de wylsters to forriffeljen, liket geduld in heale ivichheit to duorjen. Boppedat is yn dit gedicht dochs eat to priuwen fan it mythologyske forhael oer niis al neamde Icarus, dy't 'taastend nei de sinne, de weagen plânzje liet,/ nimmen dy't seach.

De cyclus 'De Gongen' bigjint mei observaesjes, yndrukken,

de De flerken foelen útelkoar en dy't nei alle bitinken in delslach foarmje fan in forbluw yn syn heit, Piet Hettinga, silger, dy op de pleats yn Burchwert hie, fokker dêrfan wie. De keunstner en de boer moeten inoar wolris yn it romme fjild om Burchwert hinne en dat resultearre gauris yn in praetsje. De dichter en de keunstner moeten inoar ek wolris, meast yn de trein. Ek dat resultearre yn in praetsje en fan it iene kaem it oare: dy illustraasje. It hynsder, trêftich fan gongen mei in moaie statuer en wielderich bihang, ropt as sadanich oantinkens op oan de tekening dy't lds Wiersma fan in Fries makke foar it belydtafriel yn de Rimen en Teltsjes. En fansels it yn in tsjustere skuorre opljochtsjende glânzgjende each fan it hynsder 'springt' de skôger/lêzer tomjitte. Wurk fan Sjoerd de Vries is ûnder mear to sjen yn museum 'Belvédère' yn Oranjewâld.

Yn nûmer fiif fan 'De Gongen' bidarret er yn New York. It leaflike byld fan in ploeiende fearboat op de Hudson foroaret letter yn de grouwélige chaos fan 9.11. It inferno waard wurklikheit. Mar dat bringt him tagelyk ta de lacionike konstataarring dat de dea syn libben lang klanten hâlde sil en dat alles fierder giet, panta rhei. De metro ommers sjit dochs eltse dei de ûnderwrâld, ek in soarte fan inferno?, yn.

Central Park, blues, in indian summer, Wallstreet mei de unhuere dictators fan de finansjele wrâld en Jeroen Bosch dy't de maetskippij fan oergeunst en ynklauwerichheit in spiegel foarhâldt, dat soarte fan tizen weaket los tusken de reiden, wylgen, sopen. Magistrael is nei alle drokte, grouwéligheden, geweld, it slot - dat ek it bigjin is - dat it lûd fan de koekoek jimmeroan -

en ûnforoare! - oer de petgatten sjonge sil, ek nei 'nine eleven'. Yn 'de Etsen' rekket Hettinga op 'e tekst oer de skilder- en tekenkeunst, dêr't er in great leafhawwer fan is. De sé, it wetter, kriget hjir in haedrol taskikt. Alles spielt úteinliks fuort, mar it is de etsen dy't mei linigens yn in plaet sink fan sûr in byld útbite lit, de tiid finzen hâldt: *Helder te krijen wat yn damp ferwaard./ driuw ik it byld yn de plaat.*

De dichter kin mei tael bylden bistjurje, stil sette, en oproppe, sa as bygelyks yn 'Early Sunday morning'. In iere stille moarn yn Amsterdam dêr't it raspjende lûd fan in ketling yn 'e kettingkast foar opskuor soarget! Huzen dy't yn de grêften of de puozzen fan in bouwput (de metro) lykje to slûgjen, in boarre dy't op de motorkap toilet sit to meitsjen, in fytser mei in boskje blommen ûnderweis nei it sneuveljen fan de dei. Hark, lang lyn, dy fluitert lâns de grêft..., nei't sein wurdt yn Balk. Of de bylden dy't opdûke út 'In lân, in myte: Ielrikjende simmers, in boer op knibbels syn fuorgen bylâns, switfeijend mei sa'n reade boerebûsdoek en 'de wyltsjitter mei de stabij/ ûnder de tafel yn de herberch, swetsend fan/ hazzejeiende reizen troch in lân, suver en rau/ yn de oerkrêften op de lingen fan dei en nacht. Adriaen van Oostade op syn Frysk of faeks Tetman en Jarich dy't de tiid skoftsje lieten, hoewol't de titel fan harren revue dat tsjinspriek.

Sa't al efkes oanhelle is binne der nochal hwat skilders - en harren wurk - dy't ynspiraesje foar in gedicht levere hawwe: Caspar David Friedrich, Henk Krist, Sjoerd de Vries dus, James Ensor, Goya, Egon Schiele, Jan Mankes, B.C. Epker. Yn it slotgedicht komt in aktualiteit om de hoeke, de moardparty op it smûke eilân Utøya, Noarwein. De hate tsjin it heimsinnige easten, bileaven de islam, koe foar dizze dwylsinnige persoan allinne dwêst wurde troch mei syn gewear en oar ark op ûnskuldige boargers to sjitten. Dizze bidoarne geast, fortize yn de souwe fan syn tinkbylden, fortrape yn syn grimmitichens foar de islam oer yn park en tún planten en krûden fan útlânske komôf, lit de dichter ús witte. Mei geef, yngreven taelgebrûk skilderet er hjir it skriklike fan - en de oanrin ta - de died, dy't de dichter de strôt tichtskroeid hat. Ek yn 'Slachthuzen', basearre op Time of Mind fan Bob Dylan, bisiket de dichter in analyse to jaen fan itjinge yn de fortsjustere plassen fan de misdiedigers omgiet. By einbislút bliuwt by de syktocht fan de minske nei it hoe en werom fan syn bistean op dizze ierde de fraech hingjen: is der eins wol sa folle nijs ûnder de sinne? Oare tiden, oare foarmen, mar stean bliuwt it hâldfêst dat Ede Staal sa ûnder wurden brocht: Ut het noch noait, noch noait so donker west, of it wer altied wel weer licht. De Gerben Rypma Stifting hat mei dizze utjefte eare ynlein. Tige oanrikkemandearre! (JPD)

Bondel: Ikader, fan Eeltsje Hettinga ISBN/EAN 978-90-815818-0-6 Utj.: Gerben Rypma Stifting, Blauhûs Priis: € 17,50